

Troch sútrich waer tomin sfear yn Winsum

Roel Bokke Span is mei 14.03 m Frysk ljepperskampioen wurden

Kl. Bakker jongeskampioen mei 12.93 m en Jikke de Jong mei 10.46 m wer kampioene

Roel Bokke Span út Stiens hat sneontomiddel yn Winsum de Jouster George Valkema fan de ljepperstroan stjitten. Op keninklike wize, hwant mei 14.03 meter roun hij der fier út. Sa rejael is foar him noch nea ien oer de Sint Jabik kommen. Dat op himsels seit al genôch, mar syn keningssprong kriget noch mear bitsjutting omt er eins alles tsjin hie. It gie diskear op it kampioensljeppen net sa bêst, omt de stive wyn dwers op de feart stie en — hwat noch slimmer wie — de polsen glêd wiene troch it reinige waer. Ien mei oar hie wer ta gefolch, dat der ek minder sfear wie, al hoe fol de moaije ljeppersarena ek siet. Under dy omstannicheden is de prestaesje fan de rêstige boeresoan fansels in feit, dat great oan de balke skreaun wurde moat. Dat jildt ek foar de 12.93 meter, der't Klaes Bakker fan Wanswert kampioen mei wurden is by de jonges. Sa fier hat op it kampioensljeppen yn syn klasse ek noch nea ien ljept. Dat it swier wurk wie yn Winsum sizze de 10.46 meter, der't Jikke de Jong fan Jidskenhuzen kampioene mei wurden is by de froulju. Forline jier is hja yn de krânse kommen mei 10.58 meter.

Ut boppesteande soe ôflaet wurde kinne, dat allinne de froulju it hwat sitte litten hawwe. Utersté net. Jikke de Jong kaem by it kampioensljeppen fierder as yn it klasseljeppen, mar hja koe net alhiel har sprong fan forline jier forbetterje. Har prestaesje is dúdlik as bikend is, dat A. Spykstra fan Wergea foar it earst kampioene waerd mei 8.67 meter!

De manlju hawwe lykwols ek diskear wer fierder ljept yn de kampioensstriid. Foar Tamme Veldstra fan Baerd, dy't de earste jongeskampioen wurden is, waerd 11.60 meter opmetten. Klaes Bakker fan Wanswert is nou kampioen wurden mei 12.93 meter!

Mei 10.20 meter is R. Jongsma fan Dronryp yn 1957 de earste manljuskampioen wurden. Sûnt is der jimmeroan fierder ljept. Doe't George Valkema yn 1962 in ein makke oan it trijejierrich biwâld fan Jan Wijnia út Wurdum liet hy 13.20 meter foar him opskriuwe. It jier dêrop grypte Span de titel troch tweintich tomme fierder to kommen; Valkema kaem forline jier op 'e nij op de troan troch 13.94 meter to ljeppen en nou is Span dus oer de fjirtjin meter kommen.

Net foar it earst, hwant op 7 augustus koe foar him yn Froubuorren 14.04 meter opskreaun wurde. Dêr hat doe in misforstân oer it mjitten west, mar letter is dochs fêst kommen to stean, dat er sa fier ljept hat. En kaem Valkema forline jier 8 augustus to Jidskenhuzen

net op 14.08 meter!

Nou kaem de Jouster rydskoalle-hâlder yn syn klasse net iens yn de prizen. Wis, hy is hwat ritich en drôve famyljeomstannicheden fan in skoftke forlyn binne him fansels ek net yn de kâlde klean sitten bleaun, mar de 11.41 en 12.50 meter, dy't hy helle, bleaune fier ûnder syn kinnen. De sneons derfoar hie'd er noch 13.34 ljept yn Eagmaryp. Yn alle klassen is dêr fierder ljept as nou sneon en dat seit alles oer de swiere omstannicheden fan dizze kampioensljepperij.

Ljeppers, dy't oars altiten mei in priis thús komme of klear steane om de greaten op to folgjen, kamen nou yn de ploemp tolânne. Seldsum, hwat binne der diskear in ljeppers yn de Sint Jabik kommen. Foar de taskôgers is in mislearre sprong fansels noai, mar it moat net gewoan wurde en dat waerd it hast.

Der is dan op't lêst net folle mear to laitsjen. It woe sneon by it fierdere forrin dan ek net sa goed mear; de fleur fan it spontane wie der net rjocht, omt de lju lêst krigen fan de frisse wyn en de wietens. De oan-elkoar-prater koe de stimming der troch de lûdforsterker ek net yn krije. Hy wie der sels net goed yn, omt er syn taljochting „op veler verzoek” yn it Hollânsk joech en dat gie him net al to linich ôf.



Winsum hie sneon de organisaesje fan it kampioenskip fierljeppen wer kreas forsoarge. De gemeente hie harres der ta dien: de kade wie fornijd en ek it plak, dêr't de astronauten-op-stokjes del komme moasten, wie forbettere: se hoegden nou net bang te wêzen, dat se midden tusken de minsken tolânne kamen. De „Arena” wie grootfol.